

'As in mantel om my hinne'

Meditaasje foar Pinkstersnein 2018

1.

Bêste minsken, yn de Hebriuwsk Bibel stiet al in ferhaal oer Himelfeart en Pinkster, nammentlik it ferhaal fan Elia en Eliza dat stiet yn it twadde Keningenboek (2, 6-15). Elia ferdwynt oan de ein fan syn libben op bjusterbaarlike wize: yn in wein mei hynders en fjoer, yn stoarm en ûnwaar. Flak foardat er ferdwynt mei Eliza in winsk dwaan. Eliza freget oan Elia om de krêft fan syn Geast: 'Lit my dûbeld diele yn jo geast'. Wannear't Eliza allinne efterbleaun is, fynt hy de mantel dy't Elia fan 'e skouders gliden is. Hy pakt de mantel op en slacht dermei op it wetter. Krekt sa't Elia dat dien hie. En it wetter spjalt krekt sa. Dy mantel foarmet it symboal dat hy de Geast fan Elia urven hat. Dy mantel fan Elia hinget no by Eliza om 'e skouders. En dus moat Eliza no fierder yn it spoar fan Elia. Hy hat de geast en de autoriteit urven.

2.

Oan it begjin fan it boek Hannelingen fan de Apostels (1, 4-11) giet it ek oer Himelfeart en Pinkster. It giet dan ek oer ôfskied en de jefte fan de Geast. Nei Jezus syn opstanning prate er 40 dagen lang mei syn freonen oer it keninkryk fan God. Doe stelden de freonen in hiel oare fraach oan Jezus as dat Eliza frege hie oan Elia. Sy freegje oan Jezus: 'Sille jo no foar Israel it keninkryk wer ynstelle?' Dy fraach wie miskien ek wol wat te begripen. Se hiene safolle meimakke. Se wiene ferslein west nei de krusiging fan Jezus. Sa fielden har sá ferlitten. Mar no wie Jezus opstien en kaam de âlde dream wer boppe driuwen: it keninkryk fan God! Soe Jezus dat no einliks regelje kinne? Sa't Gerard Reve dichte: 'Dat Koninkrijk van U, weet U wel, wordt dat nog wat?'

Mar Jezus wol der net fan witte. Hy jout in nuer antwurd: *'Jimme sille fersterke wurde troch de hillige Geast dy't oer jimme komt, en jimme sille myn getugen wêze yn Jeruzalem en yn hiele Judéa en Samaria en oan ierdryks einen ta.'*

Jezus jout eins in antwurd op de fraach dy't syn freonen net steld hawwe. It is earder in antwurd op de fraach fan Eliza oan Elia: 'Lit my (dûbeld) diele yn jo geast'. Se liket wol dat se eins de ferkearde fraach steld hawwe: 'Oft Jezus it keninkryk regelje wol'. Mar sa sit it dus net. Spitigernôch komt de keninkryk fan God net út 'e himel fallen. Dat hie oars wol moai west: dat it regele wurde soe fan boppen.

Jezus jout harren lykwols wol in geweldich antwurd en in bysûndere belofte: 'Myn geast sil oer jimme komme. En jimme sille myn getugen wêze oer de hiele ierde!' Himelfeart en Pinkster ferwize ús net nei de himel, mar stjoere ús radikaal yn 'e rjochting fan de ierde en de minsken. It is mar de fraach oft Jezus' freonen dit antwurd ferdrage koene.

3.

En as dat antwurd fan Jezus al net nuer genôch wie, giet it sa fierder: *'Doe't Er dat sein hie, waard Er foar har eagen opnommen; in wolk naam Him wei út har eachweid. Se dikerren nei de himel, wylst Er by har weigong; en dêr stienen ynienen twa manlju by har yn wite klean; dy seinen: Jimme Galileeërs, wêrom stean jimme dêr sa nei de himel te sjen? Dy Jezus, dy't no by jimme wei nei de himel opnommen is, sil op 'e selde wize weromkomme as jimme Him nei de himel tagean sjoen hawwe.'*

Dat is wat. Wylst se alles ferwachtsje fan Jezus en fan boppen, ferdwynt Jezus yn de dizichheid fan in wolk. Dy wolk stiet foar Gods oanwêzichheid. Jezus makket romte, lûkt him werom. Jezus keart werom nei syn oarsprong. Hy makket romte foar de Geast en foar syn freonen. Dy moatte it ferhaal no fierder fertelle en fierder libje. Dy moatte no getuge fan leafde en ferjouwing, fan frede en rjocht! Pinkster markearret de komst fan de hillige Geast, de geast fan Jezus. It is it begjin, de jierdei, fan de tsjerke. En it jout ús de ferantwurdlikens foar it ferhaal fan Jezus. Wy ervje syn geast en syn autoriteit. Jezus makke foar ús, sa't Elia romte makke foar Eliza.

4.

Foarige wike hie ik tsjinst by de Menisten yn Ljouwert. Dat wie moai. Mar se hiene leaver net dat ik in toga oanhie. Bêst, ik wie dêr te gast. Mar ik miste myn 'mantel'. Dy mantel hat in sekere betsjutting, ek al is it symboalysk. Wis yn it perspektyf fan de ferhalen fan hjoed.

Mei Pinkster diele wy yn de geast fan Jezus, hawwe wy dy autoriteit oerkrigen om yn syn spoar fierder te gean. Mei it ferhaal fan Elia en Eliza soene wy sizze kinne, wy krije de mantel fan Jezus oer de skouders hongen. Jezus hat syn wurk dien en hat ús alles leard. No is it oan ús. De tsjerke bestiet út minsken dy't yn de Geast ferbûn binne mei Jezus. De tsjerke bestiet út minsken dy't it ferhaal fan Jezus yn wurd en died útdrage. De tsjerke bestiet út minsken dy't witte dat de wrâld net kin sûnder it ferhaal fan Gods goedens. Jezus libbe yn syn persoan dy goedens fan God. Yn Jezus' geast fertolke wy dat hjoed de dei.

Dy pet past ons allemaal, wie eartiids de reklame fan de plysje. Dy mantel past ús allegearre. Wy diele yn de geast fan Jezus. As foargonger ha ik hjir hjoed de 'mantel', in toga, oan. Net omdat ik as foargonger dy autoriteit allinne draach. Nee, ik draach dy symboalysk foar de mienskip. Ik draach dizze mantel út namme fan de mienskip, út namme fan jimme.

5.

En dat bringt my by jimme, by ússels. Want hoe fielt dat? Hawwe wy it gefoel dat dy mantel om ús skouders hinget? Dat wy diele yn de Geast fan Jezus? Fansels, ik wit dat wy net altyd sa sterk en 'geastich' binne. Ik wit dat wy ús faak allinne en efterlitten fiele. Dat wy net it gefoel hawwe dat wy wichtich binne en der echt ta dogge. En somtiden witte wy hast net wat de betsjutting fan tsjerke is.

Mar miskien moatte wy hjoed op de jierdei fan de tsjerke no ris net te lyts oer ússels tinke. Wy hoege fansels net te poggen, dat begryp ik wol, mar hawwe in geweldich ferhaal yn hannen. Wy steane yn dizze wrâld foar leafde en ferjouwing, foar rjocht en frede. En wy meie de Geast fan Jezus krije om yn syn spoar dat ferhaal te libjen. Dat is in foarrjocht! Dus de fraach foar besinning oan ússels is hjoed: 'Hoe sit dy mantel ús om de skouders? Hoe erfare en fiele wy de Geast?

Ta beslút bidde wy dizze wurden: 'Lit my diele yn jo Geast' en 'Wês as in mantel om my hinne'. Amen.

Hinne Wagenaar
Pinkster 2018